



HEISA OM DE HAVERKLAP
(Herrie om de Haverklap)

IN KLUCHT FAN

ARIS BREMER

Twa bedriuwen yn sân sênes

FRYSKE OERSETTING:

GURBE DIJKSTRA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HEISA OM DE HAVERKLAP – HERRIE OM DE HAVERKLAP** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2011 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSONAAZJES:

Beppe Haverklap - frou Haver of ek wol Beppe Haverklap, de noch hiel hechte en eigensinnige bewenster fan 'DE HAVERKLAP'. Koartlyn ûntslein út 'Hoeve Bosrust'.

Sjoerd van der Woude - de jonge en ûnskuldige ynbrekker, dy't foar syn Doornroosje – kompleks ek opnommen wie yn 'Hoeve Bosrust'.

Martha Muysch – de jaloerske en hystearyske buorfrou en baaske fan hûntsje Topsy, sy is út op it hûs en de tún fan Beppe Haverklap.

Roderick Bastogne – buorman, is heechhertich en drinkt oan ientried wei whisky, hy is ek út op it hûs en de tún fan Beppe Haverklap.

Lola Paulovna – froulike plysje, is goed by de tiid en faak dryst, dreamt fan in karriêre as balletdûnseres.

Herman Zorgdrager – plysjeman, is in bytsje minder goed by de tiid as Lola en ek lang sa dryst net. Hy walget fan ruften en liken.

Dr. Popke van Boven - de kolossale direktrise fan 'Hoeve Bosrust', de hertstocht is yn har wekker wurden.

Bastiaan van Donderen - de opblaasde kommissaris fan plysje, hy hat in stikeme ferhâlding mei Martha Muysch.

Anna de Gier - de boargemaster, sy manipulearret en hat in stikeme ferhâlding mei Roderick Bastogne.

Pien van Donderen - de like sportive as wantrouwige frou fan de kommissaris.

DEKOR:

It lytse hûs, nûmer 5, fan Beppe Haverklap stiet yn de hoeke fan in plein yn in lyts plakje ergens yn de provinsje. Yn de foargevel sit in kezyn mei in boppe- en in ûnderdoar, in rût mei lytse gleskes en in boerd mei de namme: 'DE HAVERKLAP'. Fan de neistlizzende nûmers 3 en 7, de wat sweeslaggerige hûzen fan de buorlju, sjogge we de trepstreden en it romme bordes nei de foardoarren. Dizze doarren en de gevels hoege net yn 't sicht. Achter de treppen ferskûle binne nauwe paadsjes nei de grutte achtertún fan Beppe Haverklap. Op it poadium is it foartúntsje fan nûmer 5, hiel lyts, omheind troch lege strúkjies. It is eins net mear as in perkje mei ûnkrûd en it gers stiet hiel heech. Nei de foardoar rint in paadsje. Tagongen ta it plein binne links- en rjochtsfoar. Midden op it plein stiet in bankje sûnder rêchleuning.

EARSTE BEDRIUW

SÊNE IEN

De leafhawwende buorlju.

(iere betiid op in moarn fol sinne. Gjinien te sjen. Fûgels sjonge. Wy heare dat der oan de rjochterkant in doar iepengiet, in hûn slacht oan)

MARTHA: *(net te sjen)* Topsy! Koest! Froutsje giet net fuort. Koest mar... *(it blaffen hâldt op)* Braaf! *(op it bordes rjochts ferskynt Martha, se hat in nachthimd oan, se siket it plein ôf)* Kom mar, Bastiaan. Der is gjin mins te sjen.

BASTIAAN: *(net te sjen)* Echt net?

MARTHA: Echt net.

BASTIAAN: *(komt op it bordes en sjocht om him hinne. Hy hat it unifoarm oan en in oerjas der oerhinne, de kraach fan de jas stiet omheech, nettsjinstearde it waarme waar)* Bliksems! Wat is 't al ljocht.

MARTHA: Sân oere en folop simmer, Bastiaan.

BASTIAAN: Sân oere? Dan moat ik gau fuort.

MARTHA: Leave...?

BASTIAAN: Ja?

MARTHA: Komst jûn ek? *(helpt him de knopen fan de jas ticht te dwaan)* Witste, ik fiel my sa feilich by dy. Oare nachten doch ik gjin each ticht. No mei dy ynbrekker yn de buert... Mei dy neist my ha 'k einlings wer es in nacht goed sliepe kinnen.

BASTIAAN: Dat ha 'k murken!

MARTHA: Murken?

BASTIAAN: We leine amper of do foelst as in blok yn sliep.

MARTHA: Ach, leave...

BASTIAAN: Neist in blok sliepe kin ik thús wol.

MARTHA: Mar dyn frou is in blok iis, seist altyd.

BASTIAAN: Dat is ek sa. En dêrby is se sa hurd as in hockeystick.

MARTHA: Earme Bastiaan.

BASTIAAN: En jaloersk. Agressyf jaloersk. We moatte echt foarsichtich wêze.

MARTHA: Ach, leave...

BASTIAAN: Mar do...

MARTHA: Ja, leave?

BASTIAAN: Do snoarkest. En dyn hûn snoarket. En ik lei wekker.

MARTHA: O, Bastiaan, wat fyn ik dat no ferfelend. Mar ik beloof dy, atst fannacht...

BASTIAAN: Fannacht kin ik net, dat witst wol.

MARTHA: Kinst net sizze datst wer nei Amsterdam moatst foar... wat wie 't ek wer foar kursus?

BASTIAAN: 'Plysje en geweld binnen it houlik'.

MARTHA: Dan seist dat ommers.

BASTIAAN: Dy kursus is allinne op tiisdei en dat wit se dekselse goed. *(Pien komt op fan links foar, mei in hockeystick. Martha sjocht har)*

MARTHA: *(sizet)* Dekke! *(lûkt Bastiaan nei de grûn fan it bordes)*

BASTIAAN: Dekke? No?

MARTHA: Pien! *(wiist. Se lizze beide plat op it bordes. Pien rint del, treend droech mei de hockeystick oer nei rjochts)*

BASTIAAN: *(flústert)* Se giet nei it hockeyfjild. Trene.

MARTHA: Sa betiid al?

BASTIAAN: *(komt hoeden oerein)* Dêrnei giet se nei de fitness, dêrnei judo of tennis of harakiry, of wit ik it. Alle dagen om healwei sânen derôf. Nederland in beweging. Neist it bêd.

MARTHA: En op bêd?

BASTIAAN: Is se net yn beweging te krijen. *(stroffelt heal, lûd)* Donders!

MARTHA: Sstt. *(sjocht en wiist)* Sy fan nûmer 5 is ek altyd betiid.

BASTIAAN: Ik foel hast. Te min sliep hân.

MARTHA: Dat is it net Bastiaan, do hast dyn learzens ferkeardom oan.

BASTIAAN: *(giet op in treed sitten en wikselte de learzen om)* Ik ha lein te tinken.

MARTHA: Oer ús, Bastiaan?

BASTIAAN: Nee, oer har fan nûmer 5

MARTHA: Beppe Haverklap...

BASTIAAN: Alle donders! *(ynienen lilke)* Dat 'Bosrust' har gean litten hat!

MARTHA: Unbegryplik. Se is gjin spat feroare. Mar do litst it der net by sitte wol? Lit my dy helpe... *(helpt him by it ferwikseljen fan de learzens)* Do witst wat dy achtertún foar my betsjut. Dat mins lit it allinne mar fertutearzje. En se hiert it, fan de gemeente!

BASTIAAN: Ik sil der wat oan dwaan!

MARTHA: Hast it mei har bepraat?

BASTIAAN: Mei Pien?!

MARTHA: Nee!!

BASTIAAN: Au. Myn poat hoecht der net ôf!

MARTHA: Ik bedoel mei de boargemaster. Mei Anna de Gier.

BASTIAAN: (*wart Martha ôf*) Ik rêd it sels wol. Ja, fansels ha ik it mei har bepraat. Sy soe kontakt sykje mei de ynrjochting.

MARTHA: De Gier wit doch neat fan ús plannen mei nûmer 5?

BASTIAAN: Do bedoelst **dyn** plannen.

MARTHA: Hy dêr fan nûmer 7 hat ek in eachje op nûmer 5.

BASTIAAN: Dat wit ik wol.

MARTHA: En do witst ek dat hy en Anna... Hiel stikem...

BASTIAAN: Wat se yn dy omheech fallen sûplap sjocht!

MARTHA: Hy wol in swimbad yn dy tún bouwe litte.

BASTIAAN: Fol whisky, nim ik oan.

MARTHA: Mar ik wol dy tún ha. De gemeente moat dat húske slope, it is in krot. Stel dy es foar, Bastiaan, in grutte sêre hjir oan de side en in wintertún achterhûs. Wat dat ek foar de brongitis fan Topsy betsjutte kin. Witst dat er dêrom snoarket? (*Bastiaan stiet, stampst mei de fuotten op in treed om de learzens goed oan te krijen*) Dat mei ik doch sa graach sjen, dy hearlike manedrift fan dy.

BASTIAAN: Martha, ik gean.

MARTHA: It is goed, leave. (*sjocht om har hinne*) De kust is feilich.

BASTIAAN: Sis, do bist net by de kustwacht! Sa stikem hoecht it no ek wer net! (*jout har flechtich in tútsje, docht de kraach noch wat heger en slûpt rjochtsfoar ôf*)

MARTHA: Hearlike held fan my. (*sjocht noch even nei it hûs fan Beppe Haverklap*) Hoe soe it der hjir oer in jier útsjen? (*giet yn 'e hûs, de hûn jankt*) Topsy! It froutsje is der wer. Hielendal foar dy allinne. (*ôf, de hûn wurdt stil. Fuort dêrnei hearre we dat links in doar iepengiet. Roderick komt op it bordes. Hy hat in badjas oan, glês whisky yn de hân. Hy is net al te fêst op 'e fuotten en besiket om net mei in dûbele tonge te praten. Hy sjocht om him hinne*)

RODERICK: Anna - leave...

ANNA: (*net te sjen, koartôf*) Ja!

RODERICK: De kust is feilich hear.

ANNA: Ik kom.

RODERICK: Gjinn hûn te sjen. Sels Topsy net.

ANNA: (*op, sy is sa klaaid dat se net maklik werkenber is. Se hat in sinnebril op en in hoed*) Topsy? Hast it oer dy hûn of oer dysels?

RODERICK: Ik bin net tipsy, Anna - leave.

ANNA: Dêr tinkt Anna - leave hiel oars oer.

RODERICK: Ik wit altyd hiel goed wat ik doch.

ANNA: Altyd? Fannacht koest hielendal neat!

RODERICK: O...

ANNA: De hiele nacht hast lamliddich neist my lein, út alle poarjes

kaam klare alkohol. Dit kin sa net langer, Roderick.

RODERICK: Anna - leave...

ANNA: En neam my gjin Anna - leave atst der neat fan mienst.

RODERICK: O, mar ik ha dy leaf, Anna, mei hiel myn wêzen. Ik bin ommers dyn bloedeigen Rodjeknor.

ANNA: Wêrom drinkt Rodjeknor dan at er wit dat ik kom? Wêrom drinkst überhaupt?

RODERICK: Fanwege... ja, de spanning.

ANNA: Do bist bang datst tekoartsjitst!

RODERICK: Te koart?

ANNA: De measte manlju sjitte tekoart. En al hielendal at se oansketten binne. Dan drinke se noch mear. Dy fisieuze sirkel sille wy trochbrekke, Roderick!

RODERICK: (*harket mar heal*) Gesellich...

ANNA: Do harkest net!

RODERICK: Ik tocht oan har fan hjirneist.

ANNA: Tinksto op dit stuit oan Martha Muysch?

RODERICK: (*grizelet*) Dat mins mei dy likkert fan in Tipsy. Hu!

ANNA: Do sitst oer har fan nûmer 5 yn!

RODERICK: Beppe is wer thús.

ANNA: Dat hoechst my net te fertellen. Ik ha juster in pear oeren oan de telefoan hongen om de direktrise fan 'Bosrust' te pakken te krijen. Mar dat ha ik justerjûn al tsjin dy sein.

RODERICK: O...

ANNA: Mar dat is miskien net troch de alkohol - dampen hinne kommen. Man, man, wat sjochsto der út! Finaal fertutearze! En net omdatst in hertstochtlike nacht achter de rêch hast.

RODERICK: Dy nachten komme wol wer, wier, Anna, wier. Do witst dat ik it wol kin.

ANNA: Do kinst it wol. (*doch in bytsje weak*) Dêrom kom ik ek noch altyd... Rodjeknor.

RODERICK: O, Anna - leave... Dy tún! Hie ik dat swimbad mar. En de sêre fansels. Se moat fuort, Anna, se moat wer fuort.

ANNA: Roderick!

RODERICK: Anna - leave?

ANNA: Wy prate dit ôf: ik soargje der foar dat se wer opnommen wurdt en do belofst...

RODERICK: O, ik ha alles der wol foar oer! Dy tún...

ANNA: Do belofst dat ophâldst mei drinken.

RODERICK: O.

ANNA: Sa net dan bemuoi ik my net mear mei dizze saak. En net mei dy!

RODERICK: Mar dan giet sy fan nûmer 3 der mei dy tún fan troch!
Do witst dat se mei de kommissaris frijt?

ANNA: Fansels wit ik dat. Elkenien wit dat. Allinne Pien van Donderen
wit dat net.

RODERICK: Dat is doch syn hockey - wyfke?

ANNA: Sy wit it **noch** net... (*laket falsk*) Roderick, it is hiel ienfâldich:
do hâldst op mei drinken en dat swimbad komt der.

RODERICK: En dy kommissaris dan?

ANNA: Ik bin it haad fan de gemeentlike plysje. Ik sil Bastiaan van
Donderen op syn plicht wize. En dat is boeven fange!

RODERICK: Dy ynbrekker? Is dêr noch nijs oer?

ANNA: De man hat wol yn tsien huzen ynbrutsen en yn tsien bêden
slept. Mar gjinien mist wat. (*rint nei ûnderen*)

RODERICK: Anna? At ik no net mear drink?

ANNA: Ja?

RODERICK: Sille wy ús dan...?

ANNA: Fan ferloven kin gjin sprake wêze. Ik hear de opposysje al!
Beide itselde belang! Wy hâlde dit stil. (*linksfoar ôf*)

RODERICK: Bei-de-it-sel-de-be-lang. (*sjocht nei it glês dat er yn 'e
hân hat*) Moarn begjin ik mei ophâlden. (*nei syn foardoar, ôf*)

EIN SÊNE IEN

SÊNE TWA

Beppe Haverklap, it skot en de ynbrekker.

(deselde simmermoarn mei folop sinne, in heal oere letter. Gjin mins te sjen. Fûgels sjonge. Ut it hûs 'De Haverklap' hearre wy skot út in pistoal. Fûgels fleane fan skrik fuort. In hûn slacht oan. Dan is it deastil. De boppedoar giet wiid iepen. It gesicht fan Beppe ferskynt, se sjocht nei links en nei rjochts, ferdwynt, de ûnderdoar giet ek iepen, se ferdwynt. Fuort dêrnei komt se nei bûten mei it sloppe lichem fan in jongkeardel, Sjoerd, se sleept him it tûntsje yn. Yn de iene hân hat se in pistoal. Mei de oare faget se de foarholle ôf. Se giet op de bank sitten om út te pûsten. Martha hastich op fan rjochts, falt hast fan de trep, sa hastich is se by de kaptafel weirekke.)

MARTHA: *(yn panyk, hastich sykheljend)* Wat wie dat?! Wat is der gebeurde?!

BEPPE: Ah, goeie moarn buorfrou Matsje.

MARTHA: Wat... Wat...?!

BEPPE: *(falt yn)* Wat in hearlik waar net? Gjin wolkje oan de loft...

MARTHA: Dat skot!

BEPPE: Alles azemt rêst en frede. *(in hûn keft even koart)* Utsein Topsy dan.

MARTHA: *(ropt)* Topsy! Leave! Froutsje is hjir! *(it keffen hâldt op, tsjin Beppe)* Topsy is ek sa frees – lik skrokken!

BEPPE: En it froutsje ek, sa te sjen.

MARTHA: Jo net dan? Jo net dan?

BEPPE: O, jawol.

MARTHA: It lûd kaam hjirwei!

BEPPE: Ja.

MARTHA: Wat wie dat, dat lûd?

BEPPE: Do seist it sels al, in skot.

MARTHA: Wol in skot?!

BEPPE: In skot.

MARTHA: In skot... Jo bedoele dat der sketten is?

BEPPE: Ja.

MARTHA: Sketten! Hjirre!

BEPPE: Ja, dêr hearst noch es fan op, hin, buorfrou Matsje.

MARTHA: Jo moatte es ophâlde mei dat buorfrou Matsje.

BEPPE: Do bist doch buorfrou Matsje.

MARTHA: Sa'n beneaming is net fan dizze tiid.

BEPPE: O ja. In skot is nammentlik folle mear wat fan dizze tiid.

MARTHA: Dat skot! O, o, it dreunt my noch nei yn 'e holle! Ferskriklik!
Ik fyn it fer – skrik – lik!!

BEPPE: Do sjochst der ek fer – skrik – lik út.

MARTHA: Wat giet dizze buert ferskriklik hurd achterút!

BEPPE: O, dêr stean ik noait by stil, buorfrou Matsje.

MARTHA: Martha! Martha Muysch. Mar dêr hie ik it hielendal net oer.

BEPPE: Do hiest it oer de buert en dat dy o, o, o, sa hurd achterút gong. (*Pien op fan links mei in tennisracket, treent sûnder bal har 'backhand'. Martha ferskûlet har achter Beppe*) Underweis nei Wimbledon, Pien? Oan wa tinkst aansjen atst dy bal in mep joust? Oan de kommissaris? (*Pien rint troch, sjocht net. Beppe draait fan links nei rjochts, Martha draait achter har rêch mei*) Dochst Bastiaan de groetnis? (*Pien ôf*) Fan ús allebeide! (*tsjin Martha*) De buert giet hurddravend achterút, se sizze je net iens mear goeie.

MARTHA: (*skynhillich*) Wie dat frou Van Donderen?

BEPPE: Ja, fan boppen en fan ûnderen.

MARTHA: Ah!

BEPPE: (*bytsje falsk*) Kensto har goed? Of mear fia fia? Of mear op in oare manier...

MARTHA: (*falt har yn de rede*) Ha jo de krante lêzen? Oer al dy ynbraken? En dat yn ús buert! En no wurdt der ek al sketten! Hji! Yn ús strjitte! Soks gebeurde froeger noait. En elkenien smyt no ek syn smoargens mar op 'e dyk.

BEPPE: Of draait keutels yn de achtertún.

MARTHA: Topsy hat it oan de termkes. Trouwens, sûnt jo der wer binne ha jo noch neat oan de achtertún dien.

BEPPE: Ik bin noch mar in pear dagen thús.

MARTHA: (*sjocht no earst Sjoerd lizzen, ferbjustere*) Oh!..... Dêr leit ien!

BEPPE: Moai lizze litte.

MARTHA: Wat... docht dy dêr?

BEPPE: Wa wit hat er it ek oan de termkes. Of hy tinkt dat er in poddestoel is. Dy minsken hast. Dêr't jim my opburgen hiene wie in jonge dy tocht dat er Doornroosje wie.

MARTHA: Wy ha jo net opburgen!

BEPPE: Opbergje litten.

MARTHA: Troch it foechhawwend gesach ja... Jo hellen ek mar alles en elkenien yn 'e hûs en...

BEPPE: (*falt yn*) Doornroosje sliepte yn de keamer neist my. Oan de oare kant wie de keamer fan 'de Lúsiefers'. Dy sliepte noait. Dy die oars neat as mei de kop by de muorre lâns strike. Om in flamke te

meitsjen. 't Is 'm noait slagge.

MARTHA: Mar frou Haver!

BEPPE: Ik bin gjin frou Haver. Do kinst buorfrou tsjin my sizze, of: "Hee, do dêr", of sizze wat elkenien seit: beppe Haverklap.

MARTHA: Dy man...!

BEPPE: Ja, dy man. As ienige lúsjefters yn sa'n knots fan in ynrjochting. Echt begrutlik atst betinkst dat elk tsjintwurdich in oanstekker brûkt.

MARTHA: Frou Haver...!

BEPPE: Uh uh!

MARTHA: Buorfrou Haver.

BEPPE: Ik ha leaver datst Beppe Haverklap seist.

MARTHA: Dy man dêr...

BEPPE: Lúsjefters is by it libben noait yn 'e brân rekke. Mar, en dat wie wol wer leuk foar him, hy is nei syn dea wol kremearre.

MARTHA: Ik bedoel dy man dêr yn jo tún... hoe lang leit dy dêr al?

BEPPE: Dy? Tsja. Juster lei hy der yn elk gefal noch net.

MARTHA: Mar... mar... (*stoarret beppe oan*) Mar ha jo in... Dat skot! Wiene jo...?

BEPPE: (*weaut mei it pistoal*) Ja, wat jout dat in knal, sa'n skot. Myn earen sûzje der noch fan. En myn hiele earm trillet en lûkt...

MARTHA: (*eangstich*) Doch dat ding fuort asjebleaft.

BEPPE: Kom, kom, do hoechst net bang te wêzen.

MARTHA: Mar dat... dat dy... dat dy dan... mar dy dêr dan? (*wiist wer nei Sjoerd*) Is... is er dea?

BEPPE: Krekt wer wat foar dy, buorfrou Matsje, om fuortendaliks wer it slimste te tinken.

MARTHA: Mar hy beweecht net.

BEPPE: Nee. En ik woe 'm krekt yn beweging bringe.

MARTHA: Mar wa skeat der yn fredesnamme?!

BASTIAAN: (*laket koart*) Mâle Matsje! Wa sjit der no yn 'fredesnamme'?

MARTHA: Mar wa wie 't?!

BEPPE: No, ien of oare jongkeardel.

MARTHA: Dat is wol in jongkeardel dy't yn jo tún leit.

BEPPE: Sterker noch, hy lei op myn bêd!

MARTHA: Hy lei by jo...?

BEPPE: Ho! Stop! Net by my! Ik sels lei net op dat bêd!

MARTHA: O. Mar hy lei wol op jo bêd!

BEPPE: Ja, en hy sliepte en beweegde net.

MARTHA: Wêr leine jo dan?

BEPPE: Ik lei net. Ik soe lizzen gean. Mar dêr lei hy al.

MARTHA: En hy leit noch altyd!

BEPPE: Mar hy leit no net mear op myn bêd, dus ik tink dat ik no mar... (*nei de foardoar*)

MARTHA: Wêr sille jo hinne?!

BEPPE: Nei dat bêd fan my. Ik wol ek wol es lizze.

MARTHA: Wêrom?

BEPPE: Ik bin de hiele nacht yn de kelder west. By de ierdappels. Dêr sieten nochal wat spruten op nei dat ik salang opburgen west ha...

MARTHA: En jo wisten net dat hy der wie?

BEPPE: Wa?

MARTHA: Hy fansels. (*wiist*) Dy ynbrekker!

BEPPE: O, kensto him?

MARTHA: Nee, fansels net. Hoe is hy deryn kommen? Troch it keldersrútsje? O nee, dêr wiene jo sels. Hiene jo in doar net goed ôfsluten? Of troch it sliepkeamersrút? (*Beppe skoddet fan nee*) Binne der dan noch mear manieren om deryn te kommen?

BEPPE: Ik ha in gat yn 't dak.

MARTHA: O! Is hy dêr trochkommen!

BEPPE: Dat sis ik net. Hy wie der earder as dat gat. Dat gat komt troch dat skot.

MARTHA: O! Hy skeat in gat yn it dak?!

BEPPE: Nee, ik skeat in gat yn it dak.

MARTHA: Mar hy skeat fansels earst! Doe kaam der... hoe neame se dat ek alwer? In wikseling fan skotten! Dat lêze je faak, earst in wikseling fan wurden, dan in wikseling fan skotten.

BEPPE: Ik skeat. Ik allinne. Ien skot.


MARTHA: O.

BEPPE: Hjirmei. (*se lit it wapen sjen*) Mei dizze... Is dat no in revolver of in pistoal? Ik wit it ferskil noait sa goed.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto